

Tekst en yllustraasjes: Willem de Vink


JEZUS MESSIAS

yn it Frysk

J
E
Z
U
S

M
E
S
S
I
A
S

It meast fertelde ferhaal fan alle tiden



Tekst en yllustraasjes: Willem de Vink

JEZUS MESSIAS

yn it Frysk



Copyright © 2008 Stichting Wereldtaal Houten


Tekst en yllustraasjes: Willem de Vink
Oersetting komt fan Ruurd Walinga

Alle rjochten foarbehouden. Neat út dizze útjefte mei kopiearre wurde, opslein wurde yn in automatisearre gegevensbestân, of iepenbier makke wurde, yn hokker foarm of op hokker wize ek, oft it no elektoanysk, meganysk, troch foto-kopyen, opnamen of watfoar oare wize, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de útjouwer.


ISBN 978-90-812956-1-1

Het stripboek wordt ook uitgegeven in veel talen buiten Nederland. Dit zijn veelal lokaal gesproken talen, bijvoorbeeld in West-Afrika. Het stripboek wordt hier ingezet ter ondersteuning van bijbelvertaalwerk en alfabetiseringswerk.


Coördinatie en uitgifte van deze internationale stripboekedities wordt verzorgt door
Wycliffe Bijbelvertalers Nederland.
Postbus 150
3970 AD Driebergen
T: 0343-517444
E: picturebook@wycliffe.nl



Wêrom komme der safolle minksen byinoar by de rivier?



Meitsje dy klear, want it keninkryk fan God komt deroan!



Begjin in nij libben!



De bile fan Gods oardiel leit al klear by de woartels fan 'e beammen...



Elke beam dy't gjin goede frucht jout, wurdt omkappe en yn it fjoer smiten!




Dan meie wy allegearre wol omhakt wurde! Want wa is yn steat om goed te libjen?



Krekt! Gods oardiel kinst net ûntrinne. Mar nei my komt der immen dy't dy fan binnenút feroarje kin.



Jou ta datst net doochst! Ast tenei echt oars libje wolst, lit dy dan dope yn it wetter!





Sa litst sjen datst in nij libben begjinne wolst!

De preker by de rivier wurdt Johannes de Doper neamd.

It giet net om my. Nei my komt immen dy't sjen litte sil wa't God is. Hy sil dy dope mei Gods Geast en mei Gods fjoer. Dat sil dy radikaal feroarje!



En dan...



Ik soe troch Jo doopt wurde moatte!



Doch it no mar. Op dizze wize dogge wy wat God fan ús wol.




Heit, lit Jo keninkryk komme en Jo wollen barre.




Dan klinkt der in stim út 'e himel...

JA! Do bist Myn Soan fan wa't ik safolle hâld! Do bist de man fan Myn hert!



It is oan it begjin fan ús jiertelling as Johannes de Doper yn Israël de komst fan de Messias taret. Israël is yn dy tiid mar in lyts ûnderdiel fan it grutte Romeinske ryk.



It Joadske folk yn Israël fielt him machtleas en ûnderdrukt. De minsken sjogge út nei de Messias. Hy is de ferlosser dy't yn de âlde Joadske boeken oankundige wurdt. Dizze Messias sil derfoar soargje dat Gods rjocht winne sil.

By de rivier de Jordaan wiist Johannes de Doper nei Jezus.



Sjoch! It Laam fan God dat de sûnde fan 'e wrâld weinimt!

Nei syn doop, liedt Gods Geast Jezus de woestyn yn...



Hy is fjirtich dagen en nachten yn de wyldernis. Al dy tiid yt er neat. Biddend en fêstjend kriget er mear sicht op syn taak.




Om te slagjen moat Jezus Gods bedoeling dúdlik meitsje yn 'e wrâld. It is Gods plan dat de minsken ferlost wurde út de greep fan 'e dea.

Jezus sil de striid oangean mei Satan, de ûnsichtbere machthawwer fan de tsjusternis. Dy fijân fan God regearret de wrâld mei dea en ferdjer.




Ja Heit, ik wol dwaan wat Jo wolle!



Mar de tsjinstanner flústeret Jezus gedachten yn dy't him weihele fan Gods opdracht.

As jow de Zeune van God binnen, beveel dan die stienen om in broden te veranderen.


Nee! Want yn 'e boeken stiet: 'Do silst net allinnich fan brea libje, mar yn't foarste plak fan elk wurd dat God sprekt'.




As jow de Zeune van God binnen, spring dan naor beneden. Want d'r staot schreven: 'Zien engels zal Hi'j opdracht geven om jow op heur hanen te dregen, zoadat jow je voete an gien stien stoten zullen.'

Dit alles za'k jow geven as jow veur mi'j deur de kni'jen gaon en mi'j anbidde!


Dêrnei liet Satan Jezus foarearst gewurde. Der komme ingels om Jezus te tsjinjen.



Nee! Der stiet ek: 'Do silst de Hear dyn God net út daagje!'




Pak op Satan! Want der stiet ek beskreaun: 'Do silst allinnich de Hear dyn God oanbidde en allinnich Him tsjinje!'




Jezus is fol fan de Hillige Geast as er werom giet nei Galilea. Yn dy tichtbefolke provinsje yn it noarden fan Israël waard er grut. Underweis slute inkele minsken harren by him oan. Se binne tige benijd oft Jezus de Messias is oer wa't de profeten al skreaun hawwe.







Yn Kana, earne yn 'e heuvels fan Galilea, wurdt in brulloft holden...




Jezus is ek op it feest, mei syn mem en inkele freonen.





Kapernaüm is in fleurich fiskersdoarp oan 'e mar fan Galilea. Hjir begjint Jezus yn it iepenbier te fertellen oer Gods keninkryk.



Hy kiest hjir syn earste learlingen út.




Petrus, lit ús nei djipper wetter fare. Set dêr dyn netten út.




Master, wy ha de hiele nacht yn't spier west en neat fongen.



Mar goed, as jo it sizze...



Nee! It is net te leauwen.





Jakobus!
Johannes! Kom!
Dit is de fangst fan
ús libben!




Gean by my wei Hear! Ik bin in
minske fol sûnde!

Wês net bang Petrus. Tenei silst
minskan fange!




Kom! Dan meitsje ik fan jimme
fiskers fan minskan!




Folge my!

Jezus lûkt mei syn learlingen troch hiel Galilea. Hy fertelt oeral fan it Keninkryk fan God. Hy makket alle soarten sike minsken better en driuwt dûvelske geasten út. De minsken binne ferheard en rinne him oeral achternei. Se komme sels út oare provinsjes en út Jeruzalem, de haadstêd fan Israël. Se hingje oan syn lippen...



Lokkich, jimme dy't earm binne, want Gods ryk is jimmes.


Lokkich, jimme dy't no hongerlije, want jimme sille sêd krije.




Lokkich, jimme dy't no skrieme, want jimme sille wer laitsje.




Lokkich binne jimme, wannear't de minsken jimme haatsje, útbanne en útskelle om't jimme by my hearre. Wês bliid, want jimme lean yn 'e himel sil grut wêze.




Behannelje minsken sa't jimme sels ek behannele wurde wolle.




Ha jimme fijannen leaf en bid foar harren.



Doch goed yn it geheim; net om op te fallen.




Wa't nei in frou sjocht om har te begearjen, hat yn syn hert al troubrutsen.



De lampe fan it lichem is it each. Is dyn each helder, dan bist hielendal ferljochte. Mar is dyn each troebelich, dan libbest yn 'e tsjusternis.



Nimmen kin twa hearen tsjinje. It is of God of it jild.



Meitsje dyn gjin soargen oer de dei fan moarn. Sykje earst it Keninkryk fan God, dan krigest de rest derby.




Doch wat ik sis. Dan bist as immen dy't syn hûs bout op 'e rots. Dochst dat net, dan boust dyn hûs op driuwsân.



Op in dei yn Kapernaüm is om it hûs dêr't Jezus tahâldt gjin romte mear...

Dêr kinne wy noait trochhinne komme.



Dan mar oer it dak.
Mei matras en al!

Wat bart dêr?



Lit se! It leauwen fan dy freonen is grut!



Dyn sûnden binne dy ferjûn!

Hoe kin er! Hearst dat?

Hy spot mei God!

God allinnich kin sûnden ferjaan.



Wat is makliker om te sizzen tsjin in ferlamme man: 'Din sûnen binne binne ferjûn', of: 'Kom oerein?'



De Messias hat macht om sûnden te ferjaan. Mar ik sis ek: 'Kom oerein, nim din bêd op en gean nei hûs?'





Fantastysk!


Hy rint!

Ja, ik kin wer rinne!


Mar net elkenien is lokkich mei it optreden fan Jezus. De godstsjinstige liederes tochten der skerp om oft er him wol oan de regels hold. Op de sabbat is it yn Israël ferbean om te wurkjen...



Hjir is in man mei in ferskromfele hân. Meist op dizze dei goed dwaan of net?



Stek dyn hân út!





Hoera, ik bin better!




Wy moatte mei him ôfrekkenje!

De liederes yn Jeruzalem moatte witte dat hy it folk ferliedt!

As de spanning tanimt, lûkt Jezus him werom en fart mei syn learlingen de mar fan Galilea op.




Master! Help! Wy fersûpe!






Wêrom binne jimme sa bang? Wêr is jimme leauwen?














Stil, byn dy yn!




Se leine harren boat oan op in stil plakje. Mar yn de bergen...

RAAAAAAH!








Ik fersekerje jimme: de Soan kin neat dwaan út himsels. Hy docht allinne wat er fan 'e Heit sjoen hat. Ik sykje net myn wil, mar Syn wil, want Hy hat my stjoerd.




Geregeldwei lûkt Jezus him werom om te bidden...




Nei in nacht fan gebed kiest er syn tolve learlingen út. Hy stjoert harren der twa by op út. Hy jout harren macht oer alle duvelske geasten en sykten.



It binne de broers Petrus en Andreas...




de broers Jakobus en Johannes...




Filippus en Nathanaël...


Thomas en Mattéus (dy't earst
tolgarder wie foar de Romeinske
besetters)...




Taddéus en dy oare Jakobus...



Simon de fersetstrider en Judas
Iskariot.



Set ôf! Wa't jimme ûntfangt, ûntfangt my.
En wa't my ûntfangt, ûntfangt Him dy't my
stjoerd hat.



De tolve discipelen komme entûsjast
werom fan harren sinding. Dêrnei wol
Jezus mei harren de stille sykje. Mar
de mannichte lit harren net mei rêst...

De rispinge is ryk, mar de arbeiders binne
krap. Freegje dêrom de Hear fan 'e rispinge,
dat er arbeiders stjoert om te sichtsjen.



Wylst Jezus op 'e nij sprekt en genêst, wurdt it let...

Filippus, hoe komme al dy minsken oan iten? As jimme harren no ris te iten jouwe!



200 jildstikken. Dat is noait genôch!

Hjir is in jonge mei fiif breaen en twa fiskjes. Mear is der net.





Soargje dat de minsken sitten geane yn groepen fan 50.




Jezus tanket God...



Dêrnei giet er mar troch mei it útdielen fan de breaen en de fiskjes.



Tûzenen minsken wurde sêd as Jezus it iten dielt.



Hy is perfoarst de Messias dy't komme soe!


Wy moatte him kening meitsje!





Sjoch ris! Der binne noch 12 kuorfolen oer.



Wy sille de minsken nei hûs ta stjoere. Stap jimme al fêst mar yn it skip nei de oare kant. Ik bliuw hjir yn 'e bergen om te bidden.






Der binne minsken dy't Jezus ta kening útroppe wolle. Se hoopje dat ûnder syn lieding de Romeinske besetters ferdreaun wurde sille. Mar Jezus kriget ek hieltyd mear tsjinstanners. Se hawwe krytyk en fine dat Hy net doocht. Se wolle de minsken tsjin him opsette en him út 'e wei romje.




Master, wannear binne jo hjir kommen?

Sikesto my om it brea dat ik jimme jûn ha?

Meitsje dy net drok om iten dat fertart, mar om it iten dat bliuwt en ivich libben jout.



Ik bin it brea dat ivich libben jout. It is myn fleis dat jûn wurdt foar it libben fan 'e wrâld.



Hoe kin dy man ús syn lichem te iten jaan?

Geklets!



Fuort, minsken!



Kom! Hy besoademitereet de massa!



Sille jimme ek net fuortgean?

Hear, nei wat soene wy tagean? Jo ha wurden fan ivich libben!







Bûten de stêden fan Israël wurde faak minsken ombrocht. Se wurde krusige, in ôfgrypslike Romeinske deastraf.



Wa't by My hearre wol, moat fan himsels ôfsjen, syn krús opnimme en my folgje.



Wa't syn libben fêsthâldt, sil it ferlieze. Mar wa't syn libben ferliest om my, sil it fine.




Jimme moatte witte dat der mar ien God is.



It giet derom dat jimme de Hear jim God leafhawwe sille mei alles wat yn jimme is en de oare as jimsels.




Yn Israël binne yn dy tiid lepradoarpen. Lepra is in slimme sykte. Minsken dy't dêrmei besmet binne, meie net yn oanrekking komme mei sûne minsken.




As de siken ûnderweis binne, moatte se lûd roppe dat se deroan komme.

**Melaats!
Melaats!**



Jezus! Master! Ha meilijen mei ús!






Gean nei de pryster!




Nei de pryster? Moatte wy ús keure litte?

Wurde wy dan sùn?



?

!



Ja! Sùn!



Wy binne wer better!

Kom!



God is goed!
Betanke!





Binne jimme net alle tsien better wurden? Mar wêr binne de oaren om God te betankjen?




Kom oerein! Dyn leauwen hat dy net allinne sùn makke, mar ek rêden!

De Joadske liederen yn Jeruzalem
stjoere harren hantlangers nei Jezus
om him ûnderweis te bespionearjen.
Se binne it abslút net iens mei syn
optreden.





Dan wurdt Jezus nei Betanië roppen, in doarp tichteby Jeruzalem. Lazarus is siik. Hy en syn susters Martha en Maria binne goede freonen fan Jezus. Mar as Jezus yn Betanië komt, heart er dat Lazarus al fjouwer dagen yn it grêf leit.



As Jo hjir west hiene, soe myn broer net stoarn wêze!

Dyn broer sil opstean, Martha.

Ja, dat wit ik. Hy sil wer libben wurde by de opstanning op de lêste dei.





Ik bin de Opstanning en it Libben. Wa't yn my leaut, sil libje. Leausto dat, Martha?

Ja Hear! Ik leau dat jo de taseine Ferlosser binne dy't yn 'e wrâld komme soe, de Soan fan God.


Wêr ha jimme him begroeven?

Kom mar om te sjen, Hear!





De machthawwers fan Jeruzalem meitsje harren hieltyd mear soargen oer Jezus en syn oanhang.



Dy man docht in protte wûnders!

As wy dit sa trochgean litte, sille de Romeinen yn aksje komme!


Sy sille ús tempel en ús folk ferneatigje!



Brûk jim ferstân! It is better dat ien man stjert foar it folk, as dat elkenien deroan giet!




Dus moat dizze Jezus ombrocht wurde!




Fan dat stuit ôf sykje de godtsjinstige liederen in gelegenheid om Jezus út te leverjen oan de Romeinen. Allinnich de besetters meie nammentlik de deastraf útfiere.

Yntusken is it feest yn Betanië.



Maria!




Mar dy parfum! Dy is in kapitaal wurdich!




Dy hiene wy moai ferkeapje kind en it jild oan de earmen jaan kind!




Lit har, Judas! Se hat dy balsam bewarre foar myn begraffenis!




It peaskefeest komt tichteby. Grutte kloften
minsken reizigje nei Jeruzalem.



De Joadske lieder meitsje plannen
om Jezus te arrestearjen. Dochs giet
hy de stêd yn.






De minsken roppe jûchhei nei him...



Hoera!

Hoera!



Lang libbet de man dy't komt yn Gods namme!


De kening fan Israëi!



De hiele wrâld rint him achternei!

Sa sjitte wy net bot op!

De timpel yn 'e haadstêd is it
middelpunt fan de Joadske
godstsjinst.




Op it peaskefeest slachtsje de
minsken lammen.




In diel fan elk laam wurdt dan yn 'e
timpel offere om de sûnde foar God
oer te fermoedsoenjen.




Mar hokker offerlaam kin de
minsken echt fan har sûnde befrije?




Op it timpelplein wurdt drok hannele en jild wiksele.



Ynienen is Jezus hjir ek.








Gods hûs moat in gebedshûs wêze. Mar jimme hawwe der in rôvershôle fan makke!



Hy is gefaarlik! Mar de minsken hingje oan syn lippen.



Wy moatte perfoarst in gelegenheid fine om him út 'e wei te romjen.



Wy moatte him troch in list te pakken sjen te krijen en him dan fan kant bringe.

Mar net op it feest. Gjin opskuor tidens Peaske.




Hoefolle jouwe jimme my foar him?

Dat is Judas! Ien fan syn learlingen!

Ik sil Jezus oan jim útleverje!

Wy jouwe dy de prijs fan in slaaf foar Jezus: 30 silverstikken!


De lêste dagen foar it peaskefeest sprekt Jezus de minsken ta yn 'e timpel, hoewol't de liederen dat besykje foar te kommen. Dan meitsje Petrus en Johannes it iten mei it peaskelaam klear.




Jûns komme Jezus en syn 12 dissipels yn 'e stêd foar it peaskemiel.




Fan 'e jûn slaan ik myn slach!




Ik baarnde fan langst om dit
peaskemiel mei jimme te iten, ear't
ik lije sil!




Machthawwers hearskje oer har
ûnderdanen. Mar by jimme is it
oarsom.





Wa't fan jimme it measte tsjinnet,
sil jimme lieder wêze.




Ik bin yn jim midden as jim
tsjinstfeint.







Doch dit altyd troch as in oantinken oan my...



Nim dizze bôle. It is myn lichem.




Nim dizze beker. It is myn bloed dat foar jimme útgetten wurdt. Sa slút God in nij ferbûn mei jimme.



Ik jou jimme in nij gebod: Dat jimme elkoar krekt sa leaf hawwe moatte as ik fan jimme hâld.



As dy leafde der is by jimme, sil elkenien witte dat jimme my neifolge.



Hear, ik sil jo oeral folgje en myn libben foar jo ynsette!

Petrus! Ear't de hoanne kraaid hat, silsto trije kear sizze datst my net kenst.

Jezus en de 11 discipelen ferlitte let op 'e jûn de stêd.
Judas is der net by...

Ik sil by jimme weigean. Mar de Heit sil jimme de
Hillige Geast stjoere. Hy helpt jimme en bliuwt altyd by
jimme.


Wêr't ik hinne gean, dêrhinne witte
jimme it paad.

Ik bin de Wei, de Wierheid en it
Libben. Net ien komt by myn Heit as
troch my.

Bliuwe jimme hjir, dan set ik ôf om
fierderop te bidden.

Us Heit, as it mooglik is, lit dit lijen dan
oan my foarby gean.

Mar net wat ik wol, mar wat Jo wolle
moat dien wurde!



Jezus wurdt nei de hegepryster brocht. Dat is de belangrykste godtsjinstige lieder. Petrus en Johannes folgje op in ôfstân...



Petrus glipt it binnenplein op.



Hea, wiesto ek net by him?



Minske, ik kin him net iens!


Mar do bist ek ien fan him!



Wolnee man!

Grif! Do wiest derby! Do bist in Galileër!

Man, do wilst net watsto seiste!






Kukele-kuuu!



Efkes letter...



No, kom op my dyn profetearjen!
Wat hat dy slein?



Moarns wurdt Jezus yn 'e gearkomste fan 'e lieders fan it folk brocht.

Bisto Gods Soan?

Jimme sizze it.




Godslastering! Hy is de dea skuldich!
Lit de Romeinen dy man berjochtsje.

Jezus wurdt foar de Romeinske steedhâlder Pilatus brocht. De Joadske lieders stoke it folk op. Se roppe ferskate beskuldigingen.



Wat sizze jo op al dy beskuldigingen?
Sizze jo neat?



Wat ha jo dien?

Ik bin kommen
om út te
kommen foar
de wierheid.









Wat is wierheid?






Ik kin gjin skuld yn him fine. It is
feest. Wa sil ik frijlitte: Barabbas of
dizze Kening fan 'e Joaden?











Pilatus hat in opskrift op it krús sette litten. Yn trije talen stiet der: 'Jezus, Kening fan 'e Joaden'.



Jezus wegeret in ferdôvjend middel.



De soldaten lotsje om syn klean.



Ja! Oaren hat er dochs ek rêden?

Is hy Gods Soan? Lit him dan fan syn krús ôfkomme!



Rêd dysels en ús!

Ha earbied foar God. Wy krije ús fertsjinne lean. Mar hy hat gjin kwea dien.



Tink oan my as jo yn jo keninkryk komme!

Ik fersekerje dy: hjoed silsto mei my yn it paradys wêze.



Om tolve oere hinne begjint in sinneferstjustering dy't trije oeren duorret.



Maria, de mem fan Jezus en Johannes, syn dissipel steane by it krús.

Jimme binne no mem en soan.



Myn God, myn God, wêrom ha Jo my ferlitten?

Ik...toarst!



Heit, yn Jo hannen jou ik myn geast oer.



It is...folbrocht.



Jezus stjer om trije oere middeis. Soldaten stekke yn syn side. Der komt wetter en bloed út: it teken dat er stoarn is.



Yn de boeken stiet: 'Hy waard as in laam nei de slachtbank laad'.



'Hy waard trochstutsen en ferbrizele foar ús sûnden...' Mar no is er stoarn.




Wie hy de Messias dy't komme soe of net?



Kom, dan freegje wy oft wy him begrave meie.




Josef fan Arimatéa en Nikodemus nimme it lichem fan Jezus mei. Se balsemje it, wine it yn doeken en lizze it yn rotsgrêf.




Nei in perioade fan rêst, dy't by it
peaskefeest foarskreaun is, geane
inkele roujende froulju nei it
beskoattele grêf.




De stien fan it grêf
is fuortrôle!



Wêrom sykje jimme de libbenne by
de deaden? Hy is opstien. Fertel dat
oan 'e learlingen!




As Petrus en Johannes derfan
hearre, rinne se nei it grêf.






Wat is der bard?




Hielendal leech!





Deselde deis reitsje twa teloarstelde folgelingen fan Jezus yn petear mei in foarbygonger. Se prate oer de terjochtstelling fan Jezus...

Leauwe jimme de profeten net? Moast de Messias net sa lije om syn gloorje binnen te gean? Dat stie allegearre yn 'e boeken!



Under iten ferdwynt har gast samar...

Mar dat wie Jezus sels!



Se sykje daliks de oare dissipels op.

Wy ha de Hear sjoen!

Maria en Petrus ek al!




Ynienen...

Ik winskje jimme frede!







Leauwe jimme net dat ik it bin? Besjoch myn hannen en myn fuotten!



Myn Hear en myn God!



Fjirtich dagen achterelkoar ferskynt Jezus oan syn folgelingen. Hy ferskynt sels oan 500 minsken tagelyk. Op in dei binne syn learlingen oan it fiskjen...





Petrus, hâldsto echt fan my?



Trije kear stelt Jezus dy fraach oan Petrus...



Ja Hear, jo witte dat ik fan jo hâld.

Soargje dan foar myn skiep.



Folgje my!

Ik ha alle macht krigen, yn 'e himel en op de ierde. Gean de wrâld yn. Meitsje alle folken ta myn dissipels. Doop harren yn 'e namme fan 'e Heit, en de Soan en de Hillige Geast. Lear harren alles te dwaan wat ik jimme sein ha.




Unthâld dit goed: Ik bin altyd by jimme, dei út, dei yn, oan 'e ein fan 'e wrâld ta.



Nei dy wurden ferliet Jezus de wrâld. Hy waard opnommen yn 'e himel. Mar hy hat sein dat er ek wer weromkomme sil om de minsken te oardieljen.

Syn folgelingen bliuwe biddend achter yn Jeruzalem. Dan komt de Hillige Geast yn harren. De Geast fan God dy't yn Jezus wie, libbet no ek yn syn folgelingen. Dat makket fan harren nije minsken, dy't oerstûgjend fertelle fan Jezus.

De dea koe Jezus net fêsthâlde. God hat him wer libben makke. Jezus is as earste yn Gods hearlikheid opnommen!



Jezus' folgelingen lûke derop út, ek al krije se in protte tsjinstân.

Jezus is de Soan fan God.




It wurdt ek yn rûnstjoerbrieven bekendmakke.

'Ik skamje my net foar it goede nijs. It is ommers troch de kracht fan God it middel wêrtroch't minsken dy't it leauwe, rêden wurde'.



It boadskip fan Jezus is de hiele wrâld oer gien. Oeral komme dêrtroch no minsken byelkoar dy't Jezus folgje. Se lêze de bibel, bidden meielkoar. Se brekke it brea en jouwe de wynbeker oan elkoar troch as oantinken oan Jezus' dea. God wol dat se Syn leafde útdrage dy't yn har hert libbet.

Jezus hat soarge dat Gods
bedoeling mei minsken
mooglik wurdt.



Wês tankber foar Jezus'
leafde en oanbid him!



Safolle leafde hat God foar de wrâld,
dat Er Syn ienige Soan jûn hat.
Elkenien dy't yn him leaut, sil net
ferlern gean, mar foar ivich libje!

De bibel

It ferhaal fan Jezus stiet yn 'e bibel. Der is gjin boek dat mear lêzen waard (en wurdt!) as de bibel. It is in boek fol boeken. It duorre 1500 jier om al dy boeken te skriuwen. Sa'n 1900 jier ferlyn kaam de bible ôf. Yn dit boek steanne alderhanne ferhalen oer hoe't God dwaande is mei minsken. It ferhaal fan Jezus lit it bêste sjen wa't God is.

De skiednis fan Jezus

Yn 'e bibel steane fjouwer boeken dy't it libben fan Jezus beskriuwe. Se binne neamd nei de skriuwers. Se libben allegearre yn 'e selde tiid as Jezus.

1. Mattéus - in folgeling fan Jezus. Hy wurke by de belêstingsjinst. Hy beskriuwt benammen hoe't Jezus mei de bewenners fan Israël (de Joaden) omgje.
2. Marcus - wie noch in jongfeint doe't Jezus syn wurk die. Hy skriuwt in protte oer de wûnders dy't Jezus die.
3. Lukas - wie dokter fan berop. Hy koe Jezus net persoanlik. Lukas skriuwt oer de wieze wêrop't Jezus mei minsken omgje.
4. Johannes - wie ek in folgeling fan Jezus. Hy lit benammen sjen wa't Jezus is. Jezus is God, dy't minske waard om de minsken te rêden fan harren sûnden.


Jezus en do.

It ferhaal fan Jezus is noch lang net ôfrûn. Jezus waard in freon foar in protte minsken. Net allinnich doe, mar no noch altyd. De wrâld is feroare. Wy reizigje net mear op ezels en hynders, mar mei auto's en fleantugen. Mar foar Jezus makket dat neat út. Hy kin krekt sa tichteby wêze as doe't er yn Israël omstapte. Unsichtber, mar krekt sa echt. Hy wol no ek in freon wêze om nei te harkjen en om fan te hâlden.

Wolsto mear witte oer Jezus en hoest mei him libje kinst? Dan kinist dit dwaan:

1. Lês sels de bibel
(begjin bygelyks yn it diel fan Lukas)
2. Bid
(prate mei God en nei Him lústerje)
3. Praat mei oare minisken oer Jezus en de bibel. Jezus wol dat syn folgelingen elkoar opsykje en elkoar helpe om mear fan him te learen.





Dit is it wier barde ferhaal fan Jezus Messias. Hy libbe likernôch 2000 jier ferlyn yn Israël. Elkenien dy't him meimakke, wie tige ferheard. Nimmen hie ea sein wat hy die. Nimmen hie ea sein wat hy sei. Dê't hy kaam barden wûnders. En elkenien dy't nei him lústerje woene, makke hy bliid en gelokkich. Dochs wie it samar ynienen foarby. Syn tsjinstanners brocht him om. Mar dat wie net it ein. Lês sels hoe't it allegearre barde en hoe't it fierder gie mei Jezus Messias!

Dit boek waard útbrocht yn mear as 35 talen. It is yn Fryslân mooglik makke troch de Stichting Water in Wijn, www.waterinwijn.nl. Oersetting komt fan Ruurd Walinga. Dizze útjefte is mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân.

Language: Frysk
ISBN 978-90-812956-1-1